

[0270]

21. *Gelt?*

O III 39 P 676 (yn 1533), to witten it Boazumer tsjerkerekkenboek, hat neffens it skriuwen mei haedletter en ek neffens it nammeregister de persoansnamme *Gelt* yn de oanhael:

*Item utjoun xxj st. for sportelen Gelt ende mester Adriaen contra Epke Janke zoen ende ij st. forterd.*

Sa to sjen soene wy hjir hawwe: *Gelt* en *mester Adriaen* tsjin *Epke Janke zoen*. De tsjerke jowt jild út foar *sportelen* en bilellet ek noch in fortarring fan 2 stûren. Hokker bilang hie de tsjerke by in skeel tusken *Gelt* en *mester Adriaen* oan 'e iene kant en *Epke Janke zoen* oan 'e oare kant? In ûnbigryplike saek.

Lêze wy *Gelt* as *gelt* (sa't it ek yn it hânskrift stiet) en forbine wy dat mei *sportelen*, dan krije wy hwat oars: de tsjerke bitellet foar *sportelengelt* (netfrysk foarkommen fan *jild*) èn foar *mester Adriaen* (syn wurk) tsjin *Epke Janke zoen* en boppedat noch in fortarring, dy't makke is. Yn dy lêzing moat de *tsjerke* as partij yn 'e pleit lizze mei *Epke Janke sin* en hat de tsjerke in *prokureur* (*mester Adriaen*) yn 't wurk en moat se him bitelje èn oan it Hôf it *sportelgelt*.

It WNT<sup>1)</sup> seit fan sportelen:

"alleen in den vorm van het mv. voorkomend. Ontleend aan lat. *sportula*, offermandje. - Honorarium dat door de rechtzoekenden aan rechters en hunne ambtenaren verschuldigd was"

en it neamt dêrby ek de gearstalling *sportelgeld*. Oanhelle wurdt dêr fierder noch Huber, Heedend. Rechtsgel.:

"Het geene Partijen aen den Hove betalen, wordt genoemd *Sportulen*, ende de Advocaten krijgen Salarien . . ."

Wy ha hjir to dwaen mei in pleitsaek fan de Boazumer tsjerke tsjin in *Epke Janke sin* yn it stadium fan it heger birop (foar it Hôf to Ljouwert). Dat it al yn heger birop is, docht bliken oan de *apostelen*, it biropsbrief en it *sportelengelt*, it honorarium foar de riedshearen.

Dy *Epke*<sup>2)</sup> stiet neffens rigel 23 al yn 1515 yn it kryt by de tsjerke, neffens

1) Woordenboek der Nederlandsche Taal XIV, kolom 2972. Dêr steane ek noch twa oare nijsgjirrige sitaten by Huber wei:

„Het woordt *Sportulen* beteekent bennekens of kleine korven, waer in men eertijds de kleine vereeringen zondt, ende die naderhandt in gelt verandert zijnde, de selve naem echter hebben behouden; in rechten beteekent dit woordt niet alleen het geene den Rechters voor hare moeyten woordt betaelt, maer ook wat den Commissarien, Griffier en Bedieners des Ge-rechtes wordt gegeeven" en

„Als Partijen *Sportulen* ende sententie-gelden van self niet betalen, soo wordense met der executie nae gewoonelijke wijze ingevordert; tot welken eynde twee bysondere *Sportelmanners* worden gehouden"

2) Yn it testemint fan Ede Jongema fan Raerd fan 20 april 1531 (O II 357) wurdt yn rigel 43 in *Eepka in dae Buyngyerd* (= de Bongier ûnder Boazum) neamd, dy't lân fan Edo yn hier hat. As dat deselde is as *E(e)pke Janke sin* dêr't it pleit hjirboppe tsjin giet, dan fine wy him yn it Register fan Oanbring (útjefte Tjessinga) werom ûnder nû. 2239, dêr't er û.o. jiers 1 floreen hier oan *Eda Jungama* bitelje moat, allinne ... nû. 2239 neamt him *Sypcka Jancka zoen*. Yn it hiele Register fan Oanbring is net in *E(e)pka Janka sin* to finen, ek net ûnder Boazum. *Sypcka* foar *Epcka* of *Eepcka* to forlêzen kin bêst, dat Register fan Oanbring libbet fan de flaters en ûnkrakheden.

E 27 hawwe skiedslju der in útsprek yn dien en is de hichte fan de skuld doe op 14 florenen steld, dêr't *Epke* jiers 1 floreen rinte fan bitelje sil. Hy skynt (ek) lân fan de tsjerke brûkt to hawwen, hwant hy bitellet in kearmennich hier (E 29 -E 34), de lêste kears yn 1519. Dan fornimme wy net mear fan him oant it ein 1532 op in pleitsaek yn heger birop útdraeid blykt to wêzen, dy't oant bigjin 1536 ta duorret. Men kin de hiele pleitsaek yn it Boazumer rekkenboek neigean. Foar in goed forstean fan de prosedure lichte wy noch de posten, dy't dêr op slane, der út ta it neikommende oersjoch, to bigjinnen mei de *sanne*, de rjochtlike oanmoanning:

P 662 (1532)

*Item utjoun viij st. de master for Epkis sanne*

P 670 (tusken 26-12-1532 en 20-3-1533):

*Item utjoun for terrenge reijs ende citatie ende sententie in Epke seck xij st.*

P 672 (tusken 26-12-1532 en 20-3-1533):

*Item utjoun iiij st. for apostelen*

P 673 (tusken 26-12-1532 en 20-3-1533):

*Item utjoun viii st. for citatie ende apostelen an to teknyen*

P 676 (tusken 20-3-1533 en 9-5-1533):

*Item utjoun xxj st. for sportelen gelt ende mester Adriaen contra Epke Janke zin ende ij st. forterd*

P 678 (op 9-5-1533):

*Item ete m Adriaen joun fort replijc xij st. ende iij st. fortard ende reijst opden ix<sup>den</sup> maj*

P 686 (tusken 9-5-1533 en 26-12-1533):

*Item utjoun m Adriaen xij st. fort treplijc ende iiij st. forterd ende reijs*

P 711 (effen foar 26-12-1533):

*Item utjoun v ord goldis iii 1/2 st. for sententie jeld ende scriuwjeld ende terrenge tijen Epke*

P 716 (effen nei 26-11-1533):

*Item utjoun vij st. for de commissie om tijogen contra Epke*

T 10 (± 26-12-1533?):

*Item Peer hat joun op de heer van xxxiiij<sup>o</sup> xl st. van iiij<sup>c</sup> steen ende v st. van Eepke citatie*

P 717 (effen nei 26-11-1533 en foar 30-4-1534):

*Item utjoun m Julius iii 1/2 st. ende ij st. for de sleijde(?)*

*Item ete jiiij st. joun for de bode der citatie ende ij st. baer jovn for citatie*

P 719 (effen nei 26-11-1533 en foar 30-4-1534):

*Item utjoun for tijoegen herre costen examinatie jeeld de procuror ende for copien iij fl. men ij st.*

P 732 (tusken 30-4-1534 en 30-6-1534):

*Item utjoun vj st. dae wij dae copyen hellen ende dae articelen crigen in originael*

P 733 (tusken 30-4-1534 en 30-6-1534):

*Item utjoun iiij st. to Liovert for terrenge*

P 736 (op 30-6-1534):

*Item utjoun m Julius j phs. g.g. dae hij dat repros macke opden laetsten Junij anno xxxiiij<sup>o</sup>*

P 738 (op 30-6-1534):

*Item op die selfste tijdt vj st. for reys ende terrenge*

P 789 (14 febr. 1536):

*Item v fl. utjoun for sentencie Jeld scriffgelt ende mester Julius tegen Epke op den  
xiiij<sup>ten</sup> februarij*